

Op it tsjerkhôf en oare brike ferhalen



Freddie Scheltema

# Op it tsjerkhôf

en oare brike ferhalen

Bornmeer



# Ynhâld

De sinjearsessy	7
Op it tsjerkhôf [1]	14
De skieding: Douwe Zonderland	17
Model	22
Op it tsjerkhôf [2]	30
De skieding: Rixt Zonderland-van der Ploeg	34
De Depresje	38
Op it tsjerkhôf [3]	46
De skieding: Marrit Zonderland	48
The Melody Brothers	52
Op it tsjerkhôf [4]	69
De skieding: Jesse Zonderland	73
Mallorca 1985	76
Op it tsjerkhôf [5]	90
Kastraasje	95
Ienakter: Tiid	103
Der waait in oare wyn	III



# De sinjearsessy

It wie in idee fan de útjouwerij. Myn debútroman ‘De Reüny’ lei krekt yn ’e winkels, hie ridlike resinsjes krigen en dêrom fûn de útjouwerij it in goed plan om in sinjearsessy te dwaan. Wat kommoasje en reklame foar myn earste literêre produkt soe goed foar de ferkeap wêze. De ferwachting wie net dat der tûzenen eksimplaren oer de toanbank fleane soenen, mar net sjitte is altyd mis. Ik fûn alles goed. Ik wie tige grutsk dat ik in titel op myn namme hie.

Der waard ôfpraat dat ik op freed om tsien oere my melde soe by de grutste boekhannel fan de stêd foar de hantekeningssessy.

‘Spannend’, sei myn frou. ‘Ik soe as ik dy wie noch mar efkes nei de kapper en pak nûmer 1 moat oan.’

Yn myn azuerblauwe troupak mei bypassend sêftrôze boesgroentsje stie ik fier foar kofjetiid al by de boekesaak. Doe’t ik my by de baly melde, seach in jong faam my freonlik oan.

‘Wat kin ik foar jo dwaan?’, lake se.

Ik sei dat ik útnûge wie om hjir yn dizze saak hantekeningen út te dielen. En as grapke sei ik der efteroan dat ik de literêre hoop yn bange Fryske dagen wie. Se seach my net begripend oan.

‘Ik bin frege om hjir in sinjearsessy te dwaan’, sei ik noch in kear.

‘Dêr is my neat fan bekend’, sei it famke. ‘Wat is jo namme?’ ‘Scheltema. Freddie Scheltema’, sei ik as Sean Connery yn in Bondfilm.

‘Okee’, mompele it famke, mar ik seach dat der gjin ljocht brânen gie. ‘Ik sil myn sjef freegje.’

Se pakte de telefoan en ik hearde har sizzen: ‘Der stiet hjir in man, Scheltinga en dy hat it oer in sinjearsessy.’ Doe wie se efkes stil.

‘Sorry’, sei se tsjin my, ‘wat wie jo namme ek alwer?’ Se lake noch altyd.

‘Scheltema, Freddie’, sei ik no wat lûder.

Yn in boekesaak is der faak in serene stilte. It roppen fan myn namme fersteurde dy rêst en in pear klanten seagen mei argewaasje yn myn rjochting.

‘Goed, goed’, knikte it famke, ‘prima, dat doch ik.’ En se lei de telefoan del.

‘Nim my net kwea ôf. Der is wat misgien mei de kommunikaasje’, lake se.

‘Och, gjin punt’, sei ik.

‘Der giet hjir wol faker wat mis mei de kommunikaasje’, ferklapte se.

‘Krommunikaasje?’, sei ik mei in knypeach nei Koot en Bie.

Dat grapke kaam net oan by it jonge faam.

‘Ik sil in tafel en in stoel foar jo regelje.’ Se lake har tosken bleat.

‘Wêr woenen jo sitte?’

‘Ik wit it net’, sei ik, ‘ik ha dit noch nea earder dien. Ik bin blanko op dit mêd.’

Se knikte begripend.

‘Kom mar mei’, sei se freonlik.

We rûnen troch de aaklich grutte boekwinkel. Ik seach nei de rekken mei klassike skriuwers: Shakespeare, Tolstoi,



Dostojevski, Dries Roelvink en Peter Gillis. En myn boek moast hjir ergens tusken stean.

‘Neffens my ha we jo boek noch net yn ’e kolleksje’, lake it famke, ‘jo skriuwe yn it Frysk?’

‘Ja’, sei ik suver ferûntskuldigjend.

‘Frysk ferkeapet net. Allinne Hylke Speerstra’, sei se lait-sjend.

‘Dat sil nei hjoed feroarje’, blufte ik, mar ek dit grapke kaam net oan.

We gienen in trep op en rûnen lâns minder populêre kategoryen: psychology, filosofy en godstsjinst. Oan de ein fan dizze romte, foar in doar mei derboppe in buordsje Nooduitgang, stie in keale tafel mei in stoel. Links fan de tafel wie in wc.

‘Sjoch’, sei it famke en se makke in beweging mei de earm of se in nije Ferrari presintearre, ‘Dit is hjoed jo plakje.’

Ik seach nei de tafel mei formika blêd. Ik hie net in swier iken meubelstik ferwachte, mar dochs wol in taffeltsje mei in kleedsje en in blomstikje. Jo kinne der úteinlik ek wat fan meitsje. Dit wie in kringloopeksimplaar mei kofjeringen.

‘Prima’, leagene ik. It wie úteinlik myn earste sinjearsessy en wa wie ik om kritysk te wêzen. Ik sette myn boadskiptas mei myn boeken op de smoarge tafel.

‘Hawwe jo sin oan in bakje kofje?’, lake myn begeliedster.

‘Graach’, lake ik werom.

Doe’t se weromkaam mei de kofje hie ik de tafel skjinnmakke mei myn bûsdoek.

‘Ik winskje jo in soad ferkeap.’ En se sette de kofje del.

‘Tank’, sei ik en ik sette myn boekjes kreas del.

Ik gie sitten, dronk myn kofje en wachte wat der barre soe.

It rûn net stoarm en dan druk ik my foarsichtich út. Yn de earste oere dronk ik trije kofje, makke myn neils skjin en kontrolearre myn balpinnen.

Nei alven stie samar in man foar myn stand. It wie in wat âldere man mei flapearen en hy hie in brune pet op de holle. Hy seach kritysk nei myn hannel.

‘U schrijft boeken?’, frege de man.

Ik befêstige dat.

‘In het Fries?’

‘Ja’, antwurde ik, ‘in het Fries.’

‘Grappig’, sei de man, ‘dat er nog boeken worden geschreven in het dialect.’

Ik woe sizze dat Frysk in taal wie, mar woe dizze diskusje net oan gean. Ik knikte dêrom freonlik.

‘Helaas’, sei de man dy’t de pet no yn ’e hân hie, ‘hoewel ik al veertig jaar in Friesland woon, lees ik en spreek ik geen Fries.’

‘Jammer’, sei ik, ‘maar misschien is het een leuke uitdaging om deze taal te leren. Er zijn cursussen.’

De âlde man lake.

‘Ik denk het niet. Ik vind die plaatsnamen al lastig en niet uit te spreken.’

Hy makke in bûging en sei: ‘Succes met uw handel.’ En hy slofke de saak út.

Yn de twa oeren dêrnei, iet ik in broadsje tsiis (sels meinommen), dronk twa kofje en út ferfeling makke ik tekeninkjes yn myn aginda. Tsjin ienen stie in frou fan middelbere leeftiid foar myn tafel. Se pakte in boek en beseach it fan alle kanten.

‘Binne jo de skriuwer fan dit boek?’, frege se.

‘Skuldich’, antwurde ik.  
‘Is it in kristlik boek?’  
Ik knippere mei de eagen.  
‘Dat net, mar der wurdt hast net yn flokt.’  
De frou knikte.  
‘En seks?’  
‘Mei mjitte’, flústere ik.  
‘Wêr giet it ferhaal oer?’, frege se.  
‘It giet oer in reüny fan in rockband. Se ha inoar jierren net sjoen en komme foar ien jûn wer by inoar. In pear binne slagge yn it libben en in pear ha it wat minder troffen. It giet oer âld sear en ferjitten leafdes’, sei ik as folleard ferkeaper. ‘It is bêst in aardich boekje, al sis ik it sels.’  
Se sei neat en knikte.  
‘Wat kostet it boek?’  
‘Fyftjin euro en in hantekening doch ik der fergees by.’  
Wer knikte se.  
‘Kin ik hjir pinne?’  
‘Spitigernôch net’, sei ik.  
Se pakte har portefúlje en socht nei jild.  
‘Ik ha allinne mar lyts jild. Ik tel fiif euro en tweintich sinten.’  
Ik sykhelle djip.  
‘Fiif euro tweintich’, suchte ik, ‘dêr brânt de kachel net fan.’  
Ik tocht nei en sei: ‘What the fuck. Jo krije it boek mei hantekening foar fiif euro tweintich.’  
‘Werklik?’ En de frou glimke.  
‘Is it boek foar josels?’  
‘Nee, foar myn man Henk.’  
‘Okee’, sei ik en skreau, net echt orizjineel, op de twadde lege bledside:

*Foar Henk,  
In soad lêswille!*

*Freddie Scbeltema*

En dêrûnder myn hantekening.

‘Tank’, sei de frou. ‘Kinne jo it ek ynpakke? It is in kadootsje.’

Ik seach har ferbjustere oan.

‘Eh, nee’, sei ik.

Se seach my teloarsteld oan.

Ik sei: ‘Jo ha no in sinjearre boekje foar fiif euro tweintich.

Dat liket my gjin jild.’

Se knikte, mar net fan herte.

‘Doch de groeten oan Henk’, sei ik doe’t se fuortrûn.

‘Wer in tefreden klant’, sei ik tsjin mysels.

Dêrnei wie it wer wachtsjen. In the meantime iet ik in apel, dronk mar wer twa bakken kofje en drumde ik Radar Love (de elpeeferzje) op de tafel. Ut ferfeling pakte ik, mei in kopke kofje yn ’e hân, in boek fan de planken. It wie in boek fan in foar my ûnbekende dominy. De titel: ‘Wie goed doet, goed ontmoet’. Ik skodholle en sei lûdop: ‘Ik leau der neat fan.’

Net ien spruts my tsjin.

Om in oere as trije, ik hie myn kolbert út en lei mei myn poaten op tafel, rûn in frou lâns en gie nei de wc. Nei in pear minuten kaam se wer nei bûten. Se seach nei my, die de hân yn ’e bûse en lei doe fyftich euro sint op myn tafel. Ferwûndere seach ik nei de munt op de tafel.

Dit wie foar my it momint om yn te pakken. Doe't ik lâns de baly rûn, frege it famke dy't my sleatfollen kofje brocht hie: 'En? Ha jo wat ferkocht?'

'Utferkocht', leagene ik laitsjend mei in tas mei njoggentjin boeken.

'Prachtich', lake se, 'oant in oare kear.'

Ik knikte.

Doe't ik thús wie, frege myn frou: 'Wie it drok?'

'In gekkehûs. Se stienen yn de rige foar myn tafel. Ik sil de útjouwerij maile dat se gong sette mei de twadde druk.'

Myn frou glimke.

'Kofje?'

## Op it tsjerkhûf I

Ik bin al in pear jier út it wurk wei. Dêr wie ik bliid mei, want de bealch wie my eins stikken. Ik ha myn hiele libben strjitmakker west en dat is dreech en swier wurk. Nei de ambachtsskoalle bin ik oan it wurk gien. Myn earste baas wie Van der Schoor op De Harkema. We sieten yn dy tiid, en dan praat ik oer ein jierren sechtich, in soad yn Grins. It wie hurd wurkjen, mar we fertsjinnen goud jild. En yn it wykein die ik hjir en dêr in swart putsje. In prachtige tiid. Ik mei graach wat troch de Wâlden en Grinslân toere en dan sjoch ik strjitten, trottoirs en opritsjes dy't ik lein ha.

Sa't ik sei, hat mear as fifenfjirtich jier op de knibbels lizze myn lichem der net better op makke, mar fierder bin ik reedlik sûn. Doe't ik dan einlik troch in regeling derút koe, ha ik dy mei beide hannen pakt. Ik wie yn earste ynstânsje ferromme en bliid: ik hie de einstreek helle en wie frij. In nij en nuver gefoel. Ik hoegde de wekker net mear om seis oere te setten en koe foar it earst yn myn libben útsliepe. Dat die ik dan ek. Kaam ik yn it begjin fan myn pensjoen tsjin achten nei ûnderen, nei in pear wike waard dat somtiden healwei tsienen. Dan dronk ik myn kofje en dangele wat om. Myn nije libbensritme, myn nije rûtime, wurke op de senuwen fan myn frou Gatske. Ik die net folle en rûn har yn it paad.

'Sykje in hobby', rôp se dan. Mar dat wie krekt it probleem. Ik hie eins nea in hobby hân. Och, ik hie in blauwe moandei lid west fan in sjongkoar, mar de dirigint, de leden en it publyk wienen ferromme doe't ik ophâlde. Ik koe absolút gjin toan hâlde.

In hobby? In tiidferdriuw? Ik ha fiskjen besocht, mar ik fer-  
feelde my dea oan de wetterkant. Karweikes dwaan? Ach, ik  
wenje yn in hierhúske en der binne hast gjin putsjes. En as  
der wat feroare wurde moat, komt de wenningstichting del.  
Ut ferfeling gie ik mar wat te kuierjen. Rinne sûnder doel.  
In slachje troch de buert of in rûntsje troch de stêd. En sa  
belâne ik op in dei op de Algemene Begraafplaats. In grut  
tsjerkhôf dat tusken it spoar en de wenwyk lei. De rêst fan dit  
plak foar en fan de deaden pakte my. It wie suver in oaze yn  
de drokke stêd mei roppende toeristen, strest winkelpublyk,  
jeugd mei fatbikes en swier frachtferkear. Hjir gjin keppel  
skoalbern en opfierde brommers. Nee, rêst. Ik gie op in  
bankje sitten en seach nei al dy hûnderten grêven. Allegear  
minsken dy't in tiid op dizze ierde rûn ha. Minsken dy't yn it  
libben alles meimakke ha. Berte, skoalle, wurk, dea. In bern  
wurdt, heit of mem, wurdt pake of beppe. De syklus fan it  
libben. In libben mei leafde, pine, soargen, lok.  
Rjocht foar my wie in stien dêr't op stie:

Rêst yn frede

Ta oantinken oan ús soarchsume mem en beppe

Antje Brouwer Beeksma

17-5-1920 - 1-4-1988

In simpele tekst op in ienfâldige stien.

Ik siet dêr en frege my ôf. Wa wie Antje Brouwer Beeksma?  
Wat foar frou wie se? Wie se sterk en moedich? Wie se kreas  
en warber? Hie se lokkich west? En ik begûn te fantasearjen.  
Ik seach it famke Antje yn de wyn op nei skoalle fytsen. Har  
swarte rok waaide somtiden omheech. Har flechtsjes stienen  
strak nei achteren en har eagen triennen troch de kâlde

wyn. Se hie reade wangen fan de kjeld en de ynspanning. Ik seach Antje, in pear jier âlder, yn har wite jurk mei in blomstikje yn har hân foar it alter stean. De dei doe't se 'ja' tsjin har Hindrik sei. It wie it begjin fan in lokkich houlik. Hindrik en sy koenen de hiele wrâld oan. Twa hannen op ien liif. In ienheid.

Ik seach Antje yn de bleek de wask ophingjen mei har twa famkes dy't stientsjes yn 'e feart goaiden.

'Net te ticht by it wetter', rôp se besoege.

Op dyselde feart bûn se de redens ûnder foar in tochtsje oer de Brekken. Se hie sa'n moaie slach.

Ik seach Antje gûlen doe't har Hindrik, sûnder oanlieding, samar ferstoar en har achterliet. Se wie ûntreastber. It fûnemint wie ûnder har weislein. Se wie doe noch gjin achtenfjirtich jier.

Antje Brouwer Beeksma kaam ta libben doe't ik dêr sa siet. Hoe faak soenen hjir minsken komme? Hoe faak waarden hjir blommen lein? Ik seach nei it grêf. Ik seach nei de stien. It gers stie heech mei in soad ûnkrûd en de letters op de stien wienen hast net te lêzen. Ik gie stean, rûn nei de sark en sakke yn de hoksen. Mei de hân plôke ik de stikels en de hynstebloemen fan it grêf. De bûtergieltsjes plakten oan myn klean en myn broek waard smoarch fan de modder. Nei in tiidsje lei it rjochthoekje der wer kreas by.

'Sa, Antje', sei ik, 'it liket al wer in stik better.'

De oare deis wie ik der wer en no hie ik in fleske wetter en in bjinder mei. Ik roste krekt salang op de stien dat de swarte laach derôf wie. Ik stie foar it grêf, die de hannen op de rêch en knikte.

'Famke', sei ik, 'dyn rêstplak is wer skjinnich en kreas. Dat hast fertsjinne.'